

Examenopgaven VMBO-GL en TL

2004

tijdvak 1
donderdag 3 juni
9.00 - 11.00 uur

FRIES CSE GL EN TL

FRIES VBO-MAVO-D

Bij dit examen hoort een tekstboekje.

Dit examen bestaat uit 43 vragen.
Voor dit examen zijn maximaal 52 punten te behalen.

Voor elk vraagnummer staat hoeveel punten maximaal behaald kunnen worden.

400009-1-572-507o

● **Meerkeuzevragen**

Schrijf alleen de hoofdletter van het goede antwoord op.

TEKST 1 REBOELJE BESJONGT DE WRÂLD FAN BOELE BREGMAN

- 1p ● 1 Wat is de funksje fan alinea 1?
- A de yntroduksje fan de bandleiden fan Reboelje
 - B de yntroduksje fan de nije CD fan Reboelje
 - C de yntroduksje fan de nije teaterproduksje fan Reboelje
 - D de yntroduksje fan it wurk fan de keunstskilder Boele Bregman

Lês de folgjende bewearingen.

- | |
|--|
| <ul style="list-style-type: none">1 Blau Paradys is de earste muzikale teaterproduksje fan Reboelje.2 Blau Paradys is ien fan de skilderijen fan Boele Bregman.3 Blau Paradys is ien fan de muzykstikken fan Durk Hogendorp.4 Blau Paradys is foar it grutste part skreaun troch Baukje Wytsma. |
|--|

- 1p ● 2 Hokker fan dizze útspraken binne wier?
- A 1 en 2
 - B 1 en 3
 - C 1 en 4
 - D 2 en 3
 - E 2 en 4
 - F 3 en 4

De folgjende ynlieding heart by de fragen 3 en 4.

‘Blau Paradys’ is in teaterproduksje fan Reboelje. Neist Reboelje hawwe ek oare minsken in belangrike bydrage leverre.
--

- 2p ○ 3 → Hokker minsken binne dat?

- 2p ○ 4 → Wat wie de bydrage fan dy minsken?

- 2p ○ 5 → Neam fiif keunstfoarmen dy’t yn Blau Paradys ferwurke binne.

- 1p ○ 6 → “It gefoel ... te ferklankjen” (alinea 5, rigels 34-35).
→ Sitearje in sin út alinea 4 dêr’t út bliken docht dat Reboelje tige geskikt is foar dit projekt oer Boele Bregman.

- 1p ○ 7 → “Reboelje is in bedriuw wurden.” (alinea 6, rigel 44)
→ Op hokker wize hat dat syn útwurking rigen yn it deistich bestean fan de bandleiden?

- 1p ● 8 Hoefolle muzikale produksjes fan Reboelje wurde yn de tekst by namme neamd?
- A 2
 - B 3
 - C 4
 - D 5

Lês de folgjende útspraken.

- 1 Reboelje is fan plan om 'Blau Paradys' teminsten ien jier lang op te fieren.
- 2 Reboelje is fan plan om de CD fan de teaterproduksje 'Blau Paradys' te ferkeapjen.

- 1p ● **9** Hokker fan dy útspraken is of binne wier?
- A** 1 en 2 binne beide wier.
 - B** Allinne 1 is wier.
 - C** Allinne 2 is wier.
 - D** 1 en 2 binne beide net wier.
- 1p ● **10** Hoe komt Jelle Bangma oan ynformaasje foar dit artikel?
- A** Hy hat praat mei alle leden fan de band Reboelje.
 - B** Hy hat praat mei de bandleden en mei Boele Bregman.
 - C** Hy hat praat mei Marius de Boer en Baukje Wytsma.
 - D** Hy hat praat mei Tsjerk Bootsma.

De folgjende ynlieding heart by de fragen 11, 12 en 13.

- Nei de ynlieding, alinea 1, kin de tekst ferdielt wurde yn fjouwer parten.
- 1 Reboelje
 - 2 Blau Paradys
 - 3 Reboelje
 - 4 Blau Paradys

- 1p ○ **11** → Mei hokker alinea begjint part 2?
- 1p ○ **12** → Mei hokker alinea begjint part 3?
- 1p ○ **13** → Mei hokker alinea begjint part 4?

TEKST 2 DE AMBYSJE FAN THREE-ALITY

- 1p ● 14 Wat is de funksje fan alinea 1?
- A It is in algemien ferhaal oer fammegroepen.
 - B It is in anekdoate oer de karriêre fan Three-ality.
 - C It is in gearfetting fan de tekst dy't folget.
 - D It is in presintaasje far de haadpersoanen út de tekst.
- 1p ● 15 Wat is it karakter fan alinea 2?
- A Alinea 2 beskriuwt hoe't de muzyk fan Three-ality it docht yn de winkels.
 - B Alinea 2 beskriuwt hoe't de trije bandleiden fan feest nei feest libje.
 - C Alinea 2 beskriuwt hoe't de trije bandleiden it súkses ûndergeane.
 - D Alinea 2 beskriuwt hoe't de trije froulju fan de band der útsjogge.

- 2p ○ 16 → Omskriuw it ferbân tusken alinea 2 en alinea 3.
Brûk foar it antwurd net mear as 20 wurden.

Dizze ynlieding heart by de fragen 17 en 18.

Yn alinea 3 wurde ferklearringen jûn foar de goede gearwurking tusken de Three-alityfroulju.

- 2p ○ 17 → Neam de twa ferklearringen dy't Marieke dêrfoar jout.

- 1p ○ 18 → Neam de ferklearring dy't Femke dêrfoar jout.

Lês de beide folgjende bewearingen.

- 1 Mei de fraach "Is trije net in lestich getal?" (alinea 3, rigel 27) bedoelt de skriuwster fan dizze tekst, dat yn groepkes fan trije ien persoan der gauris byhinget.
- 2 Omdat Femke en Sanne suskes binne, hinget Marieke der mar wat by.

- 1p ● 19 Hokker fan dizze bewearingen is of binne wier?
- A Bewearing 1 en bewearing 2 binne beide wier.
 - B Bewearing 1 is wier, bewearing 2 is net wier.
 - C Bewearing 2 is wier, bewearing 1 is net wier.
 - D Bewearing 1 en bewearing 2 binne beide net wier.

- 1p ● 20 Fine de trije bandleiden in folsleine muzykopliding ûnmisber?
- A Ja, want se ha in soad ambysje.
 - B Ja, want se wolle harren karriêre útbouwe.
 - C Ja, want se wolle nei de Popakademy.
 - D Nee, want se fine in protte optrede belangriker.

Lês de beide folgjende bewearingen.

- | |
|--|
| <ol style="list-style-type: none">1 Op de earste single fan Three-ality stiet in liet dat makke is troch de trije bandleiden.2 Three-ality is dwaande mei in cd mei selsmakke nûmers. |
|--|

- 1p ● **21** Hokker fan dizze bewearingen is of binne wier?
A Bewearing 1 en bewearing 2 binne beide wier.
B Bewearing 1 is wier, bewearing 2 is net wier.
C Bewearing 2 is wier, bewearing 1 is net wier.
D Bewearing 1 en bewearing 2 binne beide net wier.
- 1p ● **22** Wat is it ferbân fan de lêste sin fan alinea 5 mei alinea 6?
A Yn alinea 6 stiet in foarbyld by de ynhâld fan dy sin.
B Yn alinea 6 stiet in gefolch fan de ynhâld fan dy sin.
C Yn alinea 6 stiet in útlis by de ynhâld fan dy sin.
- 1p ● **23** Wêrtroch rekke Marieke har ferkearing út? (alinea 7)
A De mem fan har freon wie op de relaasje tsjin.
B Marieke wegere om te kiezen tusken de band en har freon.
C Marieke woe mear tiid frij meitsje foar de band.
- 2p ○ **24** “Oant no ta fine de froulju harren libben as muzikant ien grut feest.” (alinea 8, rigel 54)
→ Sitearje trije útspraken út alinea 8, dy’t dat dúdlik meitsje.
- 1p ● **25** Wat sjogge de bandleiden as it heechste doel yn harren karriêres?
A Fan de muzyk har berop meitsje.
B In cd mei eigenmakke nûmers útbringe.
C In eigen manager oanstelle.
D Meidwaan oan it Nacionaal Songfestival.

len dy’t in tekst skriuwt, kin dêrby gebrûk meitsje fan:
--

- | |
|---|
| <ol style="list-style-type: none">1 feiten2 eigen miening3 mieningen fan oare minsken |
|---|

- 1p ● **26** Wêrfan hat Margreet Hogeterp yn de tekst oer Three-ality gebrûk makke?
A Fan 1 en 2
B Fan 1 en 3
C Fan 2 en 3
D Fan 1, 2 en 3

TEKST 3 FRYSKTALIGE DISSERTAASJE WICHTICH FOAR IT FRYSK

- 1p ● 27 Wat is de funksje fan alinea 1?
- A Alinea 1 ferwurdt de haadgedachte fan de tekst.
 - B Alinea 1 is in gearfetting foarôf.
 - C Alinea 1 jout in konklúzje foarôf.
 - D Alinea 1 presintearret it ûnderwerp.

- 1p ● 28 Wat is de relaasje tusken alinea 2 en alinea 3?
- A Alinea 3 neamt it gefolch fan alinea 2.
 - B Alinea 3 neamt de oarsaak fan alinea 2.
 - C Alinea 3 neamt de reden fan alinea 2.
 - D Alinea 2 en alinea 3 foarmje in opsomming.

Lês de beide folgjende bewearingen.

- | |
|---|
| <ol style="list-style-type: none">1 Foar har ûndersyk oer bernepoëzij hat Jant van der Weg ek oare Fryske berneliteratuer besjoen.2 “Gelukkig Hansje” fan Harmen Sytstra is in Frysktalich mearke. |
|---|

- 1p ● 29 Hokker fan dizze bewearingen is of binne wier?
- A Bewearingen 1 en 2 binne beide wier.
 - B Bewearing 1 is wier en bewearing 2 is net wier.
 - C Bewearing 2 is wier en bewearing 1 is net wier.
 - D Bewearingen 1 en 2 binne beide net wier.

- 1p ● 30 De Fryske berneliteratuer begjint yn it jier
- A 1846
 - B 1900
 - C 1907
 - D 1937

- 1p ○ 31 → Sitearje in sin út alinea 5-6, dêr't yn útlein wurdt, dat de bân tusken de Fryske berneliteratuer en it ûnderwiis yn it earstoan hiel sterk wie.

Lês de beide folgjende bewearingen.

- | |
|--|
| <ol style="list-style-type: none">1 Foar 1955 is der yn it ûnderwiis folle minder romte foar it Frysk as nei 1955.2 Foar 1950 is de bân tusken de Fryske berneliteratuer en it ûnderwiis folle sterker as nei 1950. |
|--|

- 1p ● 32 Hokker fan dizze bewearingen is of binne wier?
- A Bewearingen 1 en 2 binne beide wier.
 - B Bewearing 1 is wier en bewearing 2 is net wier.
 - C Bewearing 2 is wier en bewearing 1 is net wier.
 - D Bewearingen 1 en 2 binne beide net wier.

- 2p ○ 33 De Fryske Beweging is in streaming dy't him tige ynset hat foar in folweardich plak foar it Frysk yn Fryslân.
- Wêrom is de rol fan de Fryske Beweging yn it ûnderwiis nei 1950 útspile? Helje dyn antwurd út alinea 5-7.
- Brûk net mear as 20 wurden.*

- 1p ○ **34** Diet Huber “hat niget oan it Frysk as literêre taal” (alineea 8, rigel 45-46).
→ Sitearje in sin út alinea 8-9, dy’t dat dúdlik ûnderstreket.
- 1p ○ **35** “Berneboeken waarden blykber dochs net echt as literatuer besjoen” (alineea 9, rigel 53-54).
→ Wêr konkludearret Jant van der Weg dat út?
- 2p ○ **36** “it is, ek foar bern, tsjintwurdich al folle gewoaner om Frysk te lêzen as fyftich jier ferlyn (alineea 10, rigel 54-55).
→ Wêrom leit dat, neffens alinea 4-7, wol foar de hân? Neam twa oarsaken.
- 1p ○ **37** → Ut hokker feit falt ôf te lieden dat it skriuwen fan in Frysktalige dissertaasje wat bysûnders is?
- 1p ○ **38** “Beheinst dyn lêzerspublyk der fansels wol mei.” (alineea 11, rigel 58-59)
→ Op hokker wize besiket Jant van der Weg dy beheining wei te nimmen?
- 1p ● **39** Wat is it ferbân tusken alinea 11 en alinea 12?
A oarsaaklik
B opsomjend
C tsjinstellend
D útwurkjend
- 2p ○ **40** It skriuwen fan myn dissertaasje hat “op twa punten in striid west” (alineea 13, rigel 70), seit Jant van der Weg.
→ Hokker twa punten bedoelt Jant van der Weg?

Dizze ynlieding heart by fraach 41 en 42.

Nei de ynliedende alinea is dit artikel opboud út trije parten:
Part 1: oer de kar fan it ûnderwerp fan de dissertaasje.
Part 2: oer de ynhâld fan de dissertaasje.
Part 3: oer hokker belang dizze dissertaasje hat foar it Frysk.

- 1p ○ **41** → Mei hokker alinea begjint part 2?
- 1p ○ **42** → Mei hokker alinea begjint part 3?
- 1p ● **43** Wat hat foar Berber Bijma, de skriuwster fan dit artikel, it wichtichste doel west foar it skriuwen fan dit artikel?
A Ynformearje oer de dissertaasje fan Jant van der Weg.
B Oertsjûgje fan de folweardigens fan Fryske berneliteratuer.
C Oertsjûgje fan it belang fan Frysktalige dissertaasjes.
D Oantrune om mear Fryske berneliteratuer te lêzen.